

Foar .....

Al ier betiid dan rint er rûn,  
Besjocht it fjild, betaast de grûn.  
Hy docht de doar fan't hok fan't slot,  
Hy strûnt wat om en mompelt wat :

De kalk o.k.  
De ballen klear,  
De flage netsjes oan 'e stok.  
De box is skjin,  
It fjild wer slocht,  
Sa moarns betiid foar dau en dei hat hy it drok.

Ja de man fan't fjild dy wit as bêste  
Wat der om en ta giet op sa'n dei.  
Want hy is de earste en de lêste,  
Fan ier oan't let, rint alles nei.  
Ja dy man fan't fjild wit it it bêste,  
Wat er docht is him wol tabetrouwde.  
Komt as earste oan en giet as lêste.  
Ja, 't is in man fan goud !

De earste spilers komme oan  
En sizze slûch noch krekt : Goemoarn.  
De measten witte echt wier net  
Dat hiel wat wurk al is ferset.  
Mar 't gers te heech,  
De bal te sachت,  
De goal te smoarch, de linen bryk.  
De douchr te kåld,  
De thee te hyt,  
It hok te fol, wat kryt dy man faak in krityk !

Mar de man .....

( 2x )